



IT SKRIUWERSBÛN

HIFKINGSRAMT

(om mei Provinsjale subsidy mear Frysk Lêzen en Skriuwen te befoarderjen)

Mear of allinnich mar jild foar:

- Kulturele organisaasjes dy't har yn en mei it Frysk profilearje
- Promoasje fan it Fryske lêzen troch (in) organisaasje(s) dy't dit as unike taak hat (hawwe)
- Beleanning fan skriuwers dy't oarspronklike Frysktalige boeken skriuwe dy't troch Fryske lêzers wurdearre wurde

Minder of gjin jild foar:

- Kulturele organisaasjes dy't benammen yn en mei it Nederlânsk dwaande binne
- Aktiviteiten dy't primêr of benammen lêzen en skriuwen yn it Nederlânsk stimulearje
- Organisaasjes en aktiviteiten dy't pretindearje sawol Nederlânsk as Frysk te befoarderjen (yn de praktyk komt it Frysk dan op it twadde plan en krijt it hast gjin omtinken)

Wat ek helpe kin:

- Kritysk hifkje hoefolle jild subsidiearre kulturele organisaasjes, ûnderwiisinstellings en advyskolleezjes nedich hawwe om harsels yn stân te hâlden – en hoe't him soks ferhâldt ta it nuttich effekt en/of de realisearre publyksaktiviteiten
- Jin goed bewust wêze fan de needsaak om as Provinsje noch lange jierren it inisjatyf te nimmen en fêst te hâlden op it mêd fan Frysk taalbelied en benammen it skreaune Frysk: oare oerheden dogge net folle, sûnder kollektive promoasje is der foar Fryske boeken gjin merk fan fraach en oanbod, sûnder ridlike beleanning (mei jild en troch positive reaksjes fan lêzers) sil it animo om in soad oeren te stekken yn it skriuwen, oersetten en redigearjen fan Fryske boeken rap fierder ôfnimme
- De stelling: *in taal sûnder literatuer is gjin kultuertaal mear* fan herte te ûnderskriuwen en jin dêrtroch liede te litten by it nimmen fan beslissings wat de Provinsjale begrutting oanbelanget